

út

Ta in hichte, of: De balke yn eigen each

monografy oer it wurk fan dr. Anne Sybe Wadman (1919-1997)

Steven H.P. de Jong, Frysk en Frij, Ljouwert 2007, s. 182-185

4. De oerwinning fan Bjinse Houtsma (roman, 1962)

Dit boek beskôge Wadman sels yn in interview mei Jelma Knol ('Hjir 2' 1987) as ien fan syn minst slagge wurken, al wist er net goed wêrom.

Wy sille dit neier besjen. It is wer in typysk Wadmanboek oer de leafde (erotyke, seks) yn relaasjes tusken man(lju) en frou(lju). Yn dit gefal giet it no net oer pubers, mar oer folwoeksen minsken fan sa'n 24-30 jier. Dochs is it ferskil tusken puberproblematyk en folwoeksenproblematyk op dit mêd by Wadman nooit grut.

Masterlik is beskreaun hoe't yn 'e ferhâlding man/frou it egoïstyske seksduveltsje as in slange tusken alle reedlike arguminten trochkrûpt en alle goede en neutrale bedoelings te neate docht of machtles makket en de haadfigueren yn dit leafdesdrama ta ferskuorrende leageneren en hypokriten delset, dy't sels deaden op har gewisse ha kinne. It boek hie likegoed 'It ferlies fan Hindrik en Lutske' hite kinnen. Wadman hat keazen foar de oerwinning fan de frijfeint dy't troch it oerspul fan 'e troude Hindrik Visser mei de frijfaam Lutske Westra it libben ferliest. In suver kristlik symboal: troch de dea de oerwinning behelje. Wadman kiest wer foar de moraal, it etysk boadskip. Hindrik en Lutske binne de grutte ferliezers en se ha hiel wat op har gewisse.

Tige raak, suver geniaal is dêrby it omslach fan Meinte Walta. Dy set it titelpart 'FAN BJINSE HOUTSMA' fertikaal as in wite ljochtpeal op in swarte ûndergrûn mei in ûnbidige skelethân as in ljochtbeaken der boppe, de wiisfinger yn losse koatsjes rjochte nei de himel. Oan 'e ûnderkant fan 'e peal is horizontaal, as de dwerslatte fan in op 'e kop steand krús, yn bloedread 'de oerwinning' ôfprinte. Oan wjerskanten fan 'e wite ljochtpeal, krekt ûnder de hân, sjocht men twa tryste figueren, ek yn bloedread, mei de rêch nei-inoar ta, de holle foardel, lofts de frou, mei in koffer, op reis de tsjustere wrâld yn, rjochts de man, op stap nei syn faaks noch tsjusterder gesin dêr't er krekt foargoed ôfskie fan naam hat. Beide haadfigueren hienen net skerper tekene wurde kinnen. Dy beiden binne Hindrik Visser, in ambisjeuze, modernisearjende en benammen muzikale, (syn escape wer út 'e sleur fan it boargerlike deistige bestean) ûnderwizer, mar, krekt as Jeen Joukes Offringa, ien mei in minderwaardichheidsgefoel. Fierders de wrâldske, tige frije,

Lutske Westra, boeredochter fan in heit dy't stamboekbollen oer hiel Europa ferkeapet. Se is ryk, mar dat komt om't se trouw west hat mei de he-man Bert, in bankdirekteur, dy't se by de skieding in poat útdraaid hat, in frou mei in rynsk eroatysk ferline, dy't kwa erudysje wol tsien kear om 'e relatyf griene skoalmaster hinne kin.

Dat de simpele skoalmaster folslein yn 'e besnijing rekket fan dizze frou is begryplik. De oast sit neffens my yn it feit dat Lutske dêrop yngiet. Dêr hat se gjin inkelde reden ta en dêrtroch hat de ferhâlding wat keunstmjittichs. Benammen ek om't se net foarsteld wurdt as in soarte fan slet dy't Hindrik foar de kroade rydt, wat men wol ferwachtsje soe.

In oar swak punt is it houlik fan Hindrik. De sûne streberige skoalmaster is op in wat ûnlogyske wize mei alle geweld trouw mei it syklike sloofke Wypkje Hempenius. De skoanheit is poer op it houlik tsjin, omdat dy mient dat Hindrik har mei syn seksueel geweld geastlik en lichaaamlik sloopt. Hindrik trout dan mei har tsjin de wil fan har âlden yn.

Dizze Wypkje wurdt troch har suterige persoanlikheid in soarte fan rem op 'e karriêre fan Hindrik. Alhoewol't dat net sa liket, ferswakket dit dochs it ferhaal as gehiel. Yn ien fan 'e bêste haadstikken fan it boek 'It Heilsleger as alibi' (121-129) is dy sleauwe Wypkje, dy't earst neat yn 'e gaten liket te hawwen fan 'e eskapades fan har man, wylst it hiele doarp dat wol hat, ynienen in izersterk karakter dat yntuïtyf de djipste gedachten fan Hindrik trochljochtet. Dat jout in geweldige spanning oan it ferhaal. Fan dy ûnwierskynlike metamorfoaze hinget de hiele plot ôf. Selden haw ik in sêne lêzen dy't sa hierskerp en dan benammen op etysk en moralistysk mêd de ûntrou fan in man trochljochtet. Hindrik liicht tsjin 'e klippen op en wurdt dûbeld ûntrou, om't er noch tsjin Wypkje, noch tsjin Lutske op kin, in dûbele ferliezer dus. It boek hie neffens my sterker west as Wypkje fan it begjin ôf oan op ien of oare wize dy krêftige persoanlikheid west hie.

In lêste swak punt is de dizige figuer fan 'e konkurrint yn 'e leafde, de macho-frijeint Bjinse Houtsma. Dat is in flat character op 'e eftergrûn dy't as persoan amper in rol spilet. Dêrtroch is it slot, hoe fernimstich ek, wat in te hastich ôfbreidzjen fan it gehiel. Dus net it sterkste boek fan Wadman, mar wol in boek mei briljante fragminten.

It wichtichste tema is hjir wer it etysk falen fan Hindrik. Wat is Hindrik foar in fint? In a-fint soe men sizze, mar tagelyk symboal foar it minsklik tekoart. Dy etyk jildt mear foar Hindrik as foar Lutske, dy't as skieden frou der min ofte mear boppe stiet. Doch is ek sy oan 'e ein fan it boek aardich yn 'e war. Neffens Jo Smit miskien in moderne roman as moraliteit?